

# Dorpscanon van Folsgeare

Komelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjaerddyk 26a)

---



© Foto db Folsgeare

## Komelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjaerddyk 26a)

Yn 1855 is Willem Sjerps Twijnstra 63 jier âld en 25 jier slachter yn Folsgeare. Hy is troud mei Japke Pieters Boomsma en harren bern binne hast allegearre it âlderlik hûs út. It wurdt tiid foar wat oars.

Se litte op'e ein fan'e Tsjaerddyk, nêst de slachterij op harren eigen hiem in komelkerij bouwe mei romte foar fjouwer bisten. Willem Sjerps kin it no wat rêstiger oan dwaan mar hat dochs noch wat om hannen.

Geertje, de jongste dochter, wennet by harren yn en wurdt mantelsoarchster.

It wurdt in wenhûs mei in foar- en efterkeamer, in souder en in apart steande skuorre.


De stâl is tsjin it wenhûs oan boud mei de doar nei de kowestâl oan'e dykskant.

De ôffier fan'e stâl giet mei in buis ûnder de dyk troch en komt út yn'e sleat oan'e oare kant fan'e Tsjaerddyk. Dizze sleat kriget yn it doarp al gau de bijnamme "Skytsleat". Dizze is links op 'e haadfoto te sjen. De komelkerij stiet op dizze foto efter de beam.

# Dorpscanon van Folsgeare

Koemelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjærddyk 26a)

De sleat rint lâns de dyk efter it tsjerkhûs en de timpel troch yn'e rjochting fan'e pastorijs pleats.



ôfbylding Tresoar

Yn 1862 ferhuzet Willem Sjerps mei syn frou en dochter Geertje nei Ysbrechtum dêr't er tolgarder wurdt.

Syn soan Sjerp Willems set him nei harren fuortgean ta wenjen yn'e koemelkerij. Hy is yn 1857 troud mei Gerlofke Jacobs Bijlsma en se krije njoggen bern. Sjerp Willems is sawol keapman en slachter as arbeider. Feike Sjerps helpt syn heit safolle as er kin.



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Folsgeare om 1900 hinne, sicht op de koemelkerij, dêr't dan Sjerp Willems Twijnstra wennet.

# Dorpscanon van Folsgeare

Komelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjaerddyk 26a)

---

Yn 1894 trout Feike Sjerps mei Beeuwkjen Zijlstra. Hy wennet yn Folsgeare. Yn 1907 stjert syn mem Gerlofke. Syn heit giet nei Warkum en Feike ferhuzet mei syn frou nei syn âlderlik hûs. Yn 1908 wurdt Sjerp Willems siik en komt tydlik wer yn Folsgeare by Feike Sjerps. Hjir stjert hy op 5 maart 1908.

Feike Sjerps is keapman, komelker en slachter. As de boeren yn'e omjouwing in siik bist hawwe, komt Feike ek del. Hy is yn alle silen mak en by't hjerst slachtet hy by de boeren thús in ko en bytiden in baarch. Sa komt Feike regelmjittich by alle boeren oan hûs en dat hat wer syn foardiel as keapman.

Folsgeare om 1935 hinne

Efter de beam de komelkerij, links ûnder de Skytfeart.



Feike Sjerps stjert op 21 april 1936 op 69-jierrige leeftyd. Nei syn fertsjerren komt it hûs te keap. Der wurdt boelguod holden en de ferkeap is yn'e wurkpleats fan timmerman Eppinga. Jan Willems Twijnstra dy't dernêst wennet (no Tsjaerddyk 26) wurdt de nije eigner.

Beeuwkjen Zijlstra ferhuzet nei Nijkerk wêr't se 3 juny 1943 stjert. Se wurdt yn Folsgeare nêst har man begroeven.

Jan Willems Twijnstra brûkt de skuorre en de stâl foar opslach en ferhiert it hûs oan Kornelis (Kees) Wester. Kees is troud mei Hinke de Boer en is arbeider by de Kooistra's. Yn'e oarloch ha se in ûnderdûker yn'e hûs dy't ûnder flier, op it plak fan'e itenstafel, in skûlplak hat. Nei de oarloch ferhúzje Kees en Hinke nei de arbeiderswenning nêst de pleats fan'e Kooistra's.

Wieger Boonstra en syn frou Lammertine Wytske Kootstra wenje tydlik yn it hûs oant de nijbou oan'e oare kant fan'e strjitte klear is. Yn augustus 1949 ferhúzje se (nû. 37).

# Dorpscanon van Folsgeare

Komelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjaerddyk 26a)

---

Jelte de Groot en dêrnei Lieuwe Gietema en Lutske de Haan wenje ek noch in skoftsje yn it hûs.

Yn 1966 wurdt it pân kocht troch timmerman Jelle Wiersma dy't de timmerwurkpleats útwreidet en der in kantoar yn makket. Alle gebouwen falle no ûnder Tsjaerddyk 26.



foto Atse Bruin

Yn 1981 binne de âlde timmerwurkpleats en de eardere komelkerij ferboud ta twa wenningen.

Jelle Wiersma ferhuzet yn 1981 nei Tsjaerddyk 26b, de âlde timmerwurkpleats. Syn soan Epke mei syn Tineke wenje tenei op Tsjaerddyk 26a, yn 'e eardere komelkerij.

Yn 1983 ferhuzet Jelle Wiersma nei Tsjaerddyk 41 en wennet Epke Wiersma yn beide wenningen.

Yn oktober 1986 ferhuzet Epke Wiersma mei frou en bern en steane beide wenningen 26a en 26b te keap.

Sjirk van der Meer en Jeannette Rietberg wurde yn 1987 de nije bewenners. Sjirk is ûnderwizer en Jeanette Rietberg makket fan 'e eardere komelkerij in praktykromte foar haptonomy.

Yn 2000 wurdt de âlde komelkerij ( Tsjaerddyk 26b) fan Willem Sjerps sloopt en bout timmerman Gerrit Rijpma út Folsgeare der in nij pân yn deselde styl.

# Dorpscanon van Folsgeare

Komelkerij fan Willem Sjerps Twijnstra ( Tsjærddyk 26a)

---



foto Wytske Heida

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Tresoar ( Haye Bijlstra), Atse Bruin, Wytske Heida, db Folsgeare*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*